



Ferdwaal tegearre yn in ferhaal

Hippe Kiek Fotografie

Fergees op reis. Nei in kastiel mei twa prinzen, in skilderij, in flechtlingekamp, in ôfhandich lizzende fjoertoer of it nêst fan in grinerige ûle. Nim in passazjier mei, want tegearre nije aventoeren belibje is dûbeld sa moai. Dus pak dat berneboek, lêse foar en ferdwaal yn dat ferhaal.

Underweis kinne jimme laitsje, huverje, gûle, neitinke, glimkje en jimme ferwûnderje. Oer de bledsiden lûke jimme op mei bern dy't bang binne, stoer, dapper, fereale of iensum. Werkenbere gefoelens. Of just net, want boeken binne ek it paad nei it ûnbekende.

En sa komst as bern op in boartlike wize en sûnder datst it trochhast op grutte foarsprong yn de wrâld. (Foar)lêzen leit oan de basis fan de taal-

en lêsuontwikkeling en de kânsen op skoalle en yn de maatskippij. Bern dy't al jong foarlêzen wurde, hawwe dêr letter op skoalle profyt fan. Op 7- à 10-jierrige leeftiid hawwe sy in rikere wurdskat as oaren, in sterker lêsbegryp en in hegere lêsmotivaasje. En lêsmotivaasje laat ta bettere skoalprestaasjes en alle persoanlike en maatskiplike foardielen dêrtroch. Want teksten begripe hast nedich yn elk berop. Oftst no boer wurde wolst, thúshelp of kok.

Der is in berneboek foar elkenien. Dus hup, iPad en smartphone oan 'e kant en tegearre smûk mei in boek ûnder in kleedsje op de bank.

Tialda Hoogeveen, Berneboeke-ambassadeur



Berneboekewike thús en op skoalle

It is Berneboekewike! En hoewol't (foar)lêzen fansels altyd in goed idee is, dogge wy dat yn de Berneboekewike faak krekt wat mear. Undersyk wiist út dat lêzen hiel goed is foar de ûntwikkeling. Wa't lêst, ûntwikkelet kreatyf en byldzjend fermogen, makket kennis mei emoasjes fan oaren en dy fan him-/harsels, fergruttet de wurdskat, kin him of har better ynlibje yn oare minsken, leart oer oare kultueren, docht kennis op oer ûnbekende dingen en fergruttet syn of har wrâld. Gjin wûnder dat der op skoalle ek in soad oandacht is foar lêzen. En wêrom soe dat net yn it Frysk kinne? Der binne safolle prachtige Fryske boeken om te lêzen. Mei de Boeklessen, dy't nij binne yn Spoar 8 – de metoade foar it Frysk – kinne juffen en masters ienfâldich oan de slach mei Fryske boeken yn de klasse. En Keimpe de Krokodil, bekend fan de Lês-mar-foar-wiken en it moaie 'Wêr is Keimpe?'-sykboek, jout alle moannen in lêstip op heitenmem.nl.

By dy boeken jout Keimpe ek leuke ekstraatsjes: bygelyks in kleurplaat, in nifelwurkje of in filmke. Mooglikheden genôch om te profitearjen fan alle foardielen fan lêzen – dy't fansels jilde foar lêzen yn alle talen, dus ek yn it Frysk!

heitemem.nl/lestip-fan-keimpe

Nij ferskynd bij Utjouwerij Afûk

Net fiksearre hûs



Dit is de 6e poëzybondel fan Elske Kampen. Sy ropt hjiryn in wrâld op dy't leit tusken de werklikheid fan in ienfâldich Ru-skaaltsje yn Museum Princessehof en de ûnwerklike thúskomst fan ien dy't net bestie.

€ 17,50

Utsteld gelok - blomlêzingen



De 100 ferhalen fan Utsteld Gelok waarden yn de simmer fan 2022 foarlêzen op 100 idyllyske plakken yn Fryslân. Henk Pröpper selektearre 32 ferhalen foar in blomlêzing, dy't no sawol yn in Nederlânske as in Frysktalige edysje ferskynt by Utjouwerij Afûk.

€ 19,50

Oant sjen yn ús winkel

ADRES
Bûterhoeke 3
Ljouwert
(058) 234 30 70
info@afuk.frl
www.afuk.frl

IEPENINGSTIDEN
Moandei
13.00 - 17.30 oere
Tiisdei o/m freed
09.30 - 17.30 oere
Sneon
10.30 - 17.00 oere

/stichtingafuk
 /StichtingAfuk



Foar dizze en oare boeketips, sjoch op websjop.afuk.frl, of scan de QR-koade.

Boeketip 5



1 De Goargels en it geheim fan 'e gletsjer

Martsje de Jong
€ 18,99

In op syn minst like spannend en fantasyryk aventoer as De Goargels, fan komyk Jochem Myjer.



2 Nijntje yn 'e dieretún

Dick Bruna
€ 7,95

De Nijntje-boeken fan Dick Bruna sprekke bern oer de hiele wrâld oan. In tal boekjes út de rige binne troch Akky van der Veer oerset yn it Frysk.



3 Abe en de Aardichman

Tialda Hoogeveen
€ 14,95

In sfearfol ferhaal mei prachtige yllustraasjes oer in jonkje dat syn eangst oerwint. Foar bern fan 5-9 jier.



4 De Letterfretter

Lida Dykstra
€ 18,99

Yn De Letterfretter steane 47 gedichten fol taalrykdom, mar ek mei humor, dat is Lida Dykstra wol tabetroud.



5 Lampke

Annet Schaap
€ 19,99

In prachtich ferhaal oer dapper wêze en mear kinne as datst oait tocht hiest.